



KURRIKULUM.FRL



Definitive konseptkearndoelen Fryske taal & kultuer

OANPASTE FERZJE 2025

Kolofon

Novimber 2025

Mits de boarne fermeld wurdt, is it tastien sûnder foarôfgeande tastimming fan de útjouwer dizze útjefte hielendal of foar in part te kopiearjen en/of te fersprieden en om ôflaat materiaal te meitsjen dat op dizze útjefte basearre is.

Mei tank oan:

De fjildgroep, eksterne adviseurs, belanghawwenden en SLO

Auteurs:

Ferdau Terpstra, Bernadet de Jager, Elly Attema, Fardau Visser.

Ynformaasje

Cedin

Lavendelheide 21, Drachten

Telefoan: 088 0200 300

Ynternet: www.cedin.nl en www.kurrikulum.frl

E-mail: info@cedin.nl

Foaropwurd

Yn dizze publikaasje presintearje wy de definitive konseptkearndoelen (oanpaste ferzje 2025) foar it leargebiet Fryske taal & kultuer. Dizze kearndoelen binne it resultaat fan petearen en ûndersyk oer wat weardefol is om te learen as it giet om de Fryske taal en kultuer en de mooglikheden om de kearndoelen effisjint en yntegrearre foarm te jaan yn it ûnderwiis.

Learlingen yn Fryslân hawwe it rjocht om yn it ûnderwiis Frysk te learen. Dat jildt foar Frysktalige en foar net-Frysktalige learlingen. Yn it leargebiet Fryske taal & kultuer wurde alle learlingen útdage en stimulearre om feardiger te wurden yn de Fryske taal en ûnderfiningen op te dwaan mei de Fryske kultuer. Learlingen ferskille yn har kulturele en talige eftergrûn. Mei de eigen ûnderfiningen en taalfearnichheden as begjinpunt wurde alle learlingen stimulearre om har ûnderfiningen mei de Fryske kultuer en har kommunikative feardichheden yn it Frysk út te wreidzjen.

Mylpeal foar it ûnderwiis yn Fryslân

Mei de oplevering fan dizze definitive konseptkearndoelen (oanpaste ferzje 2025) – hjirnei: kearndoelen – berikke wy in wichtige mylpeal yn it fundearjend ûnderwiis yn Fryslân: Provinsjale Steaten fan de provinsje Fryslân ha sûnt 2014 it foech om de kearndoelen foar Fryske taal en kultuer fêst te stellen. Dit is de earste set kearndoelen foar Fryske taal & kultuer dy't troch de provinsje fêststeld wurde sil.

Yn 'e mande mei it ûnderwiisfjild

De provinsje Fryslân hat Cedin as regionale partij frege om de kearndoelen foar Fryske taal & kultuer te ûntwikkeljen. De kearndoelen binne dêrmei yn de regio sels opsteld en slute oan by de situaasje en ambysjes fan de provinsje Fryslân oangeande it behâld en it stimulearjen fan de Fryske taal en kultuer. Kearndoelen foar de oare leargebieten binne yn opdracht fan it ministearje fan OCW troch SLO ûntwikkele.

Foar it ta stân kommen fan de kearndoelen Fryske taal & kultuer hat it kearndoeleteam yntinsyf gearwurke mei in grut tal learkrêften út it primêr en fuortset ûnderwiis. Dêrneist hawwe ferskate saakkundigen en oare belutsenen út it ûnderwiisfjild yn Fryslân meitocht en weromkeppeling jûn. Fierder is yntinsyf gearwurke mei de kurrikulumûntwikkelaars fan SLO.

Wy hoopje dat dizze kearndoelen foar alle skoallen yn Fryslân in ympuls wêze sille om yn it kurrikulum (bliuwend) romte te meitsjen foar Fryske taal & kultuer en dat it harren ynspirearje sil ta in ynnovatyf en kwalitatyf ûnderwiisoanbod.

Ynhâldsopjefte

	Pagina
Foaropwurd	3
1. Ynlieding	5
2. Lêswizer	7
3. Karakteristyk	9
Skaaimerken fan it leargebiet Fryske taal & kultuer	
Gearhing yn it leargebiet Fryske taal & kultuer	
Gearhing mei oare leargebieten	
4. Kearndoelen	12
4.1 Oersjoch domeinen Fryske taal & kultuer	12
4.2 Oersjoch kearndoelen Fryske taal & kultuer	13
4.3 Kearndoelen primêr ûnderwiis	15
4.4 Kearndoelen ûnderbou fuortset ûnderwiis	21
5. Begripelist	28

1. Ynlieding

Wêrom nije keardoelen?

De hjoeddeistige keardoelen binne sûnt 2006 fan krêft. Underwiiskundige, fakspesifike en (regionaal-) maatskiplike ûntwikkelingen freegje om in aktualisaasje fan de keardoelen. Dêrby is foar it hiele kurrikulum de winsk útsprutsen ta gearhing, werombringen fan oerladenens yn it ûnderwiisprogramma en it fersterkjen fan trochrinnende learlinen. Dêrneist slút de aktualisaasje fan de keardoelen Fryske taal & kultuer oan by de ambysje fan de provinsje Fryslân en it Ryk om it ûnderwiisoanbod foar dit leargebiet te fersterkjen.

Plak fan de keardoelen yn it ûnderwiis

De keardoelen foar Fryske taal & kultuer jilde as wetlike opdracht foar alle skoallen yn it fundearjend ûnderwiis yn it Fryske taalgebiet. Se omfetsje in brede ynhâldlike basis dêr't alle learlingen rjocht op hawwe. Hoe't de skoalle ynfolling jout oan it ûnderwiisoanbod, pedagogyk en didaktyk is oan de skoalle sels. Alle keardoelen, ek dy foar Fryske taal & kultuer, litte romte foar de eigen skoalfyzje en karren foar aksinten op grûn fan de learlingpopulaasje of identiteit.

Twa sets keardoelen foar regulier ûnderwiis

Foar it leargebiet Fryske taal & kultuer binne twa sets keardoelen ûntwikkele: in set foar it primêr ûnderwiis en in set foar de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis, mei, dêr't soks nedich is, in oanfolling foar hafû en twû. Dy oanfolling garandearret de oansluting mei de boppebou en it eksamenprogramma.

Wannear komme de nije keardoelen yn de klasse?

Cedin hat de definitive konseptkeardoelen (oanpaste ferzje 2025) oplevere oan de provinsje Fryslân. De provinsje set dêrnei útein mei in trajekt om de keardoelen fêst te lizzen yn wet- en regeljouwing. Sadree't de keardoelen fêststeld binne, jilde se foar alle skoallen yn it Fryske taalgebiet. Provinsjale Steaten fan Fryslân beslute hoelang't skoallen de tiid krije om de keardoelen te ymplementearjen en yn hokker skoaljier oft it ûnderwiisoanbod yn alle skoallen foldwaan moat oan de nije keardoelen.

It fêststellen fan de keardoelen Fryske taal & kultuer rint lykop mei it fêststellen fan de keardoelen Nederlânsk, sadat skoallen al by de ymplementaasje de keardoelen fan dy leargebieten ferbine kinne dêr't sy dat nedich en mooglik achtsje.

Ymplementaasje

Om learkrêften en skoallen te helpen by de ymplementaasje wurde by de keardoelen foar Fryske taal & kultuer learlinen en foarbyldmjittige materialen ûntwikkele. Dy sille net wetlik fêstlein wurde, mar biede wol help by it fertalen en útwurkjen fan de keardoelen nei de ûnderwiispraktyk. Dizze learlinen en foarbyldmjittige materialen kinne brûkt wurde troch learkrêften en skoallieders, mar ek troch edukative

útjouwerijen, oplieders, ûnderwiisadviseurs en oare profesjonals.

2. Lêswizer

Yn dizze publikaasje fynst de definitive konseptkeardoelen (oanpaste ferzje 2025) foar Fryske taal & kultuer. Om de ynhâld, formulearring en tinkwize efter de keardoelen goed te ynterpretearjen is it oan te rieden om de publikaasje te lêzen yn de folchoarder dêr't dy yn opsteld is. Alderearst is de karakteristyk opnommen. Dêryn is de fyzje op it leargebiet formulearre. Dêrnei folget in oersjoch fan alle domeinen en de keardoelen. Fan side 15 ôf wurde de ôfsûnderlike keardoelen beskreaun. Ta beslút is der in begripelist opnommen.

Status fan de keardoelen

Yn dizze publikaasje ha wy it oer de definitive konseptkeardoelen (oanpaste ferzje 2025). Dizze publikaasje is it einprodukt fan in folslein trochrûne ûntwikkelfaze, faze fan probearjen en de faze fan op 'e nij besjen. De keardoelen hawwe dus no harren definitive foarm, mar salang't se noch net fêststeld binne yn wet- en regeljouwing bliuwt de status 'konsept' fan krêft. Foar de lêsbereens hantearje wy yn dizze publikaasje de term 'keardoelen'.

Opbou fan in keardoel

De aktualisearre keardoelen Fryske taal & kultuer foarmje it beëage kurrikulum foar dit leargebiet. Se binne yn foarm en formulearring gelyk oan de keardoelen fan Nederlânsk en oare leargebieten. Yn it nije kurrikulum wurde ferskillende soarten doelen ûnderskaat: oanbodsdoelen (rjochte op de skoalle), behearskingsdoelen en ûnderfiningsdoelen (rjochte op de learling) en hybride doelen (kombinaasje fan behearskings- en ûnderfiningsdoelen).

In leardoel bestiet út ien of mear subdoelen: alle keardoelen begjinne mei in kearnsin, folge troch subdoelen dy't omskreaun binne yn doelsinnen. Doelsinnen binne konkretisearre troch de wei fan beskriuwingen ûnder 'it giet hjirby om'.

By in pear doelsinnen binne by 'it giet hjirby om' spesifike ynhâlden neamd foar it tredde learjier hafû en twû. Dizze ynhâlden drage by oan de trochgeande line nei it boppebouprogramma fan hafû en twû. It stiet learkrêften nammers frij om dizze ynhâlden (ek) al yn learjier 1 of 2 oan te bieden.

Brûkte terminology

De keardoelen brûke begripen en termen dy't miskien net foar elkenien like werkenber binne. It binne fakspesifike begripen dy't bekend binne yn it leargebiet en foarkomme yn de lanlike kennisbasis fan de learare-opliedingen. De ynhâlden en formulearrings slute ek oan by ynternasjonale ûntwikkeling en beneamingen. Yn de taheakke fan dizze publikaasje is in begripelist opnommen.

Ferantwurding

It proses en de ynhâldlike ûnderbouwing fan de keardoelen wurdt wiidweidich taljochte en ferantwurde yn in apart taljochtingsdokumint. Dêryn binne karren ûnderboud en stiet ek hokker ûntwerpkríteariums oft liedend wiene en wa't meiwurke hawwe oan de ûntwikkeling.

3. Karakteristyk

Skaaimerken fan it leargebiet Fryske taal & kultuer

Yn it leargebiet Fryske taal & kultuer wurde alle learlingen stimulearre om feardiger te wurden yn de Fryske taal en krije sy ynsjoch yn de Fryske kultuer. Dat draacht by oan it begripen en meidwaan kinnen oan sosjale en (letter) profesjonele situaasjes dêr't de Fryske taal en kultuer in rol yn spilet. Dat befoarderet de kânsgelikens. Learlingen ûntwikkelje yn it leargebiet Fryske taal & kultuer in gearhingjend gehiel oan kennis, feardichheden en hâldingen op it mêd fan taal, taalbewustwêzen, taalekspresje en kultuerbewustwêzen.

Yn it domein *Taal leare en brûke* leare learlingen yn betsjuttingsfolle en autentike situaasjes Fryske teksten te begripen, Fryske teksten te produsearjen en diel te nimmen oan Frysktalige petearen. Frysk is de twadde rykstaal yn Nederlân en wurdt yn Fryslân yn sosjale en profesjonele situaasjes brûkt. Begryp fan de Fryske taal helpt learlingen om de wrâld om harren hinne te begripen, harren steande te hâlden yn de Fryske meartalige kontekst en dêroan dielnimme te kinnen. Om't learlingen ferskillen yn taaleftergrûn en taalûnderfining hawwe, biede de doelen yn dit domein romte om by it learen en útwreidzjen fan Fryske taalfeardichheden oan te sluten en fierder te bouwen op de taalbasis fan learlingen.

Yn it domein *Taalbewustwêzen* ferkenne learlingen skaaimerken fan de Fryske taal. Se leare oer oerienkomsten en ferskillen mei oare talen en oer feroarings yn de taal. Learlingen ûntwikkelje bewustwêzen oer de rol en it effekt fan de Fryske taal yn kommunikaasje en persoansfoarming. Learlingen fergrutsje dat bewustwêzen mei kennis oer de rol fan de Fryske taal yn de skiednis. Learlingen leare te reflektearjen op harren eigen Fryske taalgebrûk wêrtroch't sy harren bewust wurde fan yn hoefier't sy sels it Frysk brûke. Dêrmei ûntwikkelje sy harren taalbewustwêzen en fersterkje sy harren basis foar it learen fan Frysk en oare talen.

Yn it domein *Taalekspresje* dogge learlingen ûnderfiningen op mei Fryske taalekspresje troch it lêzen, beharkjen en besjen fan Fryske kulturele en kreative teksten, lykas: boeken, jongereinliteratuer, toanielstikken, lietteksten, en sa mear. Se leare dêr betsjutting oan te jaan en wearde oan ta te kennen foar harsels en oaren. Yn dit domein wurde learlingen stimulearre om eigen tinzen en gefoelens op kreative wize foarm te jaan wêrby't se leare te eksperimintearjen mei de Fryske taal en ûnderfining opdogge mei ferskillende útdrukkingswizen en effekten.

Yn it domein *Kultuerbewustwêzen* wurde learlingen stimulearre om de Fryske kultuer te ferkennen binnen de kaders fan materieel en ymmaterieel erfgoed en, yn it fuortset ûnderwiis, de Frysktalige jongereinliteratuer. Learlingen ûntwikkelje bewustwêzen en ynsichten yn it Fryske erfgoed yn harren direkte omkriten, de regio en de provinsje en leare dêr betsjutting en wearde oan ta te kennen foar it no, it ferline

en de takomst. Learlingen yn it fuortset ûnderwiis ferkenne de Frysktalige literatuer. Se leare dêr wearde oan ta te kennen en ferbreedzje troch de wei fan de Fryske jongereinliteratuer harren blik op de Fryske kultuer.

Ta beslút hat it leargebiet Fryske taal & kultuer it domein *Ryk learfermidden*. Dat domein giet om it oanbod dat de skoalle docht en betingst is foar it learen fan Fryske taal & kultuer. It giet om materialen en boarnen, mar ek om learaktiviteiten, wurkfoarmen, ynstruksje en taalhelpmiddels.

Gearhing yn it leargebiet

Yn de kearndoelen en doelsinnen wurde kennis en feardichheden yn ferskillende domeinen beskreaun. Yn in betsjuttingsfol en funksjoneel oanbod sille doelen yn gearhing leard wurde. Oanbod en lesaktiviteiten yn de domeinen kultuerbewustwêzen, taalekspresje en taalbewustwêzen geane altyd mank mei it learen en brûken fan de Fryske taal. Mar ek de domeinen taalekspresje, kultuerbewustwêzen en taalbewustwêzen hawwe ûnderlinge ferbiningen.

Neist in gearhing tusken domeinen is der ek in gearhing tusken primêr ûnderwiis en de ûnderbou fan it fuortset ûnderwiis troch de wei fan in trochgeande line. It útwreidzjen fan de ûnderfiningen, kennis en feardichheden rint fan primêr ûnderwiis troch nei it fuortset ûnderwiis. De opbou fan de learline wurdt beskaat troch it tanimmen yn kompleksiteit en abstraksje fan ynhâlden en taagebrûk. Yn de earste faze fan de ûntwikkeling (primêr ûnderwiis) leit de klam op ûnderfine, ferkenne, begripe en beneame en yn lettere fazen (faak it fuortset ûnderwiis) op ferfining, ferbreiding en ferdjipping.

Gearhing mei oare leargebieten

Foar it learen en brûken fan de Fryske taal kinne learlingen gebrûk meitsje fan taalkompetinsjes dy't sy leare by Nederlânsk en de moderne frjemde talen. Gebrûk meitsje fan earder opdiene taalfeardichheden makket it learen en brûken fan de Fryske taal makliker. Mei't ek yn oare taalleargebieten omtinken is foar ferskillende talen, taalfariëteiten en (sub)kultueren, kinne learlingen har taalbewustwêzen fergrutsje en in hâlding ûntwikkelje út ferskillende perspektiven wei.

Learlingen wreidzje ek taalkompetinsjes út by oare leargebieten dy't funksjoneel binne foar it learen en brûken fan de Fryske taal. De kearndoelen fan it leargebiet Digitale taalfeardigens beskriuwe hoe't learlingen leare om te gean mei digitale boarnen en it brûken fan effektive sykstrategyen: feardichheden dy't se ek ynsette kinne by it sykjen nei ynformaasje yn Frysktalige boarnen.

Kennis en feardichheden dy't yn it domein Kultuerbewustwêzen oanbean wurde, kinne yn ferbining brocht wurde mei kennis en feardichheden dy't learlingen oanbean krije yn de leargebieten Minske en maatskippij, Minske en natuer en Boargerskip. Doelen yn it domein Taalekspresje kinne yn ferbining brocht wurde mei de domeinen Meimeitsje en betsjutting jaan en Meitsje en betsjutting jaan yn it leargebiet Keunst en


kultuer.

Troch ferbiningen te lizzen tusken de domeinen fan Fryske taal & kultuer en oare leargebieten wurdt de ûnderfiningsbasis en kennis- en taalûntwikkeling fan learlingen stimulearre en ferstevige.

4. De Kearndoelen

5.1 Oersjoch domeinen Fryske taal & kultuer

De kearndoelen Fryske taal en kultuer binne ûnderferdielt yn 5 domeinen: ryk learfermidden, taal leare en brûke, taalbewustwêzen, taalekspresje en kultuerbewustwêzen. Dy domeinen kinne net los fan elkoar sjoen wurde lykas sichtber is yn de ôfbylding hjirûnder. Om de doelen goed beskriuwe te kinnen wurde se yn dit dokumint dochs fan elkoar ûnderskaat. Yn ûndersteande figuer is de gearhing fan de domeinen skematysk werjûn: Taal leare en brûke bart yn in ryk learfermidden en is ferbûn mei ien of mear ynhâldlike domeinen.



5.2 Oersjoch kearndoelen Fryske taal & kultuer

Yn ûndersteand oersjoch binne de ynhâlden fan de kearndoelen primêr ûnderwiis en ûnderbou fuortset ûnderwiis neistelkoar yn in oersjoch pleatst. Sa wurdt in wichtich diel fan de troch rinnende line sichtber.

OERSJOCH KEARNDOELEN FRYSCHE TAAL & KULTUER

PRIMÊR ÛNDERWIIS

Domein: Ryk learfermidden

1. De skoalle soarget foar in ryk Frysktalich taal- en learfermidden
 - A. De skoalle soarget foar Frysktalige lear- en lêsmaterialen
 - B. De skoalle stimulearret de Fryske taalûntwikkeling fan alle learlingen
-

Domein: Taal leare en brûke

2. De learling brûkt de Fryske taal
 - A. De learling toant begryp fan Frysktalige teksten
 - B. De learling ferwurket ynformaasje út Frysktalige teksten
 - C. De learling praat en skriuwt Frysk
 - D. De learling nimt diel oan petearen yn it Frysk
-

Domein: Taalbewustwêzen

3. De learling ûntwikkelet har of him as bewuste brûker fan it Frysk
 - A. De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal
 - B. De learling ferkent de posysje fan de Fryske taal
 - C. De learling reflektarret op de eigen Fryske taalûntwikkeling
-

Domein: Taalekspresje

4. De learling docht ûnderfining op mei Fryske taalekspresje
-

ÛNDERBOU FUORTSET ÛNDERWIIS

1. De skoalle soarget foar in ryk Frysktaligch taal- en learfermidden
 - A. De skoalle soarget foar Frysktalige lear- en lêsmaterialen
 - B. De skoalle stimulearret de Fryske taalûntwikkeling fan alle learlingen
-

2. De learling brûkt de Fryske taal
-

- A. De learling toant begryp fan Frysktalige teksten
 - B. De learling ferwurket ynformaasje út Frysktalige teksten
 - C. De learling praat en skriuwt Frysk
 - D. De learling nimt diel oan petearen yn it Frysk
-

3. De learling ûntwikkelet har of him as bewuste brûker fan it Frysk
-

- A. De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal
 - B. De learling reflektarret op de posysje fan de Fryske taal
 - C. De learling reflektarret op de eigen Fryske taalûntwikkeling
-

4. De learling docht ûnderfining op mei Fryske taalekspresje
-

A. De learling ferwurket tinzen en
gefoelens oer Fryske kulturele en
kreative taaluterings

B. De learling brûkt de Fryske taal op in
kreative wize

Domein: Kultuerbewustwêzen

5. De learling ûntwikkelet har of him as
bewuste dielnimmer oan de Fryske kultuer

A. De learling ferkent it materiële en
ymmateriële erfgoed fan Fryslân

A. De learling ferwurket tinzen en
gefoelens oer Fryske kulturele en
kreative taaluterings

B. De learling brûkt de Fryske taal op in
kreative wize

5. De learling ûntwikkelet har of him as
bewuste dielnimmer oan de Fryske kultuer

A. De learling ferkent it materiële en
ymmateriële erfgoed fan Fryslân

B. De learling ferkent de wearde fan
Frysktalige jongereinliteratuer

5.3 Keardoelen primêr ûnderwiis

DOMEIN: RYK LEARFERMIDDEN		
Kearndoel 1		
De skoalle soarget foar in ryk Frysktalich taal- en learfermidden.		
Doelsin	It giet dêrby om	
A.	<p>De skoalle soarget foar Frysktalige lear- en lêsmaterialen.</p>	<ul style="list-style-type: none"> • it hearre en sjen litten fan de Fryske taal en kultuer; • it oanbieden fan in breed en aktueel oanbod Fryske (foar)lêsböeken, jongereinliteratuer en autentike fakoerstijgende Frysktalige teksten; • it oanbieden fan kennis en feardichheden út it leargebiet Fryske taal & kultuer yn ûnderlinge gearhing; • it oanbieden fan taalstipemiddels om Frysk te begripen en doare te brûken; • it stimulearjen fan de lêsmotivaasje foar Frysktalige teksten, boeken en jongereinliteratuer.
B.	<p>De skoalle stimulearret de Fryske taalûntwikkeling fan alle learlingen.</p>	<ul style="list-style-type: none"> • romte te bieden oan it gebrûk fan it Frysk en taalfariëteiten fan it Frysk yn ynformele en formele setting; • it oanbieden fan learaktiviteiten passend by it taalnivo en de belibbingswrâld fan de learlingen; • it oanbieden fan learaktiviteiten mei betsjutting dêr't de Fryske taal as skoalle- en faktaal aktyf yn brûkt wurdt; • it oanbieden fan learaktiviteiten dêr't learlingen kennis en feardichheden fakoerstijgend yn tapasse.

DOMEIN: TAAL LEARE EN BRÛKE		
Kearndoel 2		
De learling brûkt de Fryske taal.		
Doelsin	It giet dêrby om	
A.	De learling toant begryp fan Frysktalige teksten.	<ul style="list-style-type: none"> • it lêzen, besjen en beharkjen fan Frysktalige teksten; • it ferwurdzjen fan ûnderwerp en haadsaken; • it ynsetten en útwreidzjen fan de Fryske wurdskat; • it fleksibel tapassen fan ferskate oanpakken en strategyen dy't it begryp ferheegje; • it ynsetten fan kennis oer de foarm fan teksten: tekstsoarten, tekststruktueren, literêre sjenres, ferteltechniken.
B.	De learling ferwurket ynformaasje út Frysktalige teksten.	<ul style="list-style-type: none"> • it fergelykjen fan ferskillende soarten teksten; • ferbannen te lizzen tusken teksten en eigen ûnderfinings; • it ferwurkjen fan nije kennis, ynsichten en mieningen yn sprutsen en skreaune teksten.
C.	De learling praat en skriuwt Frysk.	<ul style="list-style-type: none"> • it formulearjen fan tinzen, ideeën, ynsichten en ûnderfinings yn sprutsen en skreaune teksten passend by it taalnivo en de leeftiidsfaze fan de learling; • it brûken fan ienfâldige Fryske staverings- en grammatikaregels; • it revisearjen fan in tekst mei it each op doelfêste kommunikaasje: taalgebrûk en taalfersoarging; • it ynsetten fan kennis oer de foarm fan teksten: tekstsoarten, tekststruktueren, ferteltechniken.

Doelsin		It giet dêrby om
D.	De learling nimt diel oan petearen yn it Frysk.	<ul style="list-style-type: none">• it adekwaat reagearjen op in Fryskpratende petearpartner;• fersteanber Frysk te praten;• yn it Frysk by te dragen oan in petear wêrby't kwaliteit en kwantiteit fan de bydrage passe by it taalnivo en de leeftiidsfaze fan de learling;• it fleksibel tapassen fan petearkonvinsjes passend by de petearfoarm.

DOMEIN: TAALBEWUSTWÊZEN		
Kearndoel 3		
De learling ûntwikkelet har of him as bewuste brûker fan it Frysk.		
Doelsin		It giet dêrby om
A.	De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal.	<ul style="list-style-type: none"> • it ferkennen fan de Fryske taal op foarm, klank en gebrûk; • it fergelykjen fan it Frysk mei it Nederlânsk en oare talen en taalfariëteiten yn Fryslân; • it besprekken fan taaleigen skaaimerken fan de Fryske taal.
B.	De learling ferkent de posysje fan de Fryske taal.	<ul style="list-style-type: none"> • it ferkennen wannear't en wêrom't sysels of oaren it Frysk brûke; • it reflektearjen op it brûken fan it Frysk yn relaasje ta wa'tst bist of wêze wolst; • it evaluatearjen fan it eigen talerepertoire en de posysje fan it Frysk dêryn.
C.	De learling reflektearret op de eigen Fryske taalûntwikkeling.	<ul style="list-style-type: none"> • it reflektearjen op it ferrin fan it proses en de karren dy't makke binne, ûnder en nei it proses; • it evaluatearjen fan de eigen Fryske taalprodukten oan de hân fan kwaliteitskritearia foar ynhâld en foarm; • it kiezen fan leardoelen foar de eigen Fryske taalûntwikkeling op grûn fan evaluaasje en refleksje; • it ferwurkjen fan feedback.

DOMEIN: TAALEKSPRESJE		
Kearndoel 4		
De learling docht ûnderfining op mei Fryske taalekspresje.		
Doelsin		It giet dêrby om
A.	De learling ferwurket tinzen en gefoelens oer Fryske kulturele en kreative taaluterings.	<ul style="list-style-type: none"> • it lêzen, besjen en beharkjen fan Fryske kulturele en kreative taaluterings; • it ferwurdzjen en ferbyldzjen fan persoanlike tinzen en gefoelens; • it útwikseljen fan eigen ynterpretaasjes fan Fryske kulturele en kreative taaluterings.
B.	De learling brûkt de Fryske taal op in kreative wize.	<ul style="list-style-type: none"> • útdrukking te jaan oan ideeën, tinzen, gefoelens, ûnderfinings en fantasyen yn ferskillende soarten taalkreaasjes; • it eksperimintearjen mei Fryske klanken, wurden, sinnen, taalregels, taalkonvinsjes en fisuele foarmen; • it brûken fan foarmjouwingsmiddels om de Fryske taalutering te fersterkjen; • ta te ljochtsjen hoe't eigen ideeën, tinzen, gefoelens, ûnderfinings of fantasyen ferwurke binne yn de taalkreaasje; • it wurdearjen fan taalkreaasjes fan oaren.

DOMEIN: KULTUERBEWUSTWÊZEN		
Kearndoel 5		
De learling ûntwikkelet har of him as bewuste dielnimmer oan de Fryske kultuer.		
Doelsin		It giet dêrby om
A.	De learling ferkent it materiële en ymmateriële erfgoed fan Fryslân.	<ul style="list-style-type: none"> • it beskriuwen fan histoaryske en hjoeddeiske persoanen dy't wichtich binne foar Fryslân; • it beneamen fan wichtige histoaryske barrens yn Fryslân; • it beskriuwen fan aspekten fan it Fryske lânskip en de Fryske kultuer; • it ferkennen fan Fryske tradysjes en gebrûken.

5.4 Kearndoelen ûnderbou fuortset ûnderwiis

DOMEIN: RYKE LEARFERMIDDEN	
Kearndoel 1	
De skoalle soarget foar in ryk Frysktalich taal- en learfermidden.	
Doelsin	It giet dêrby om
A. De skoalle soarget foar Frysktalige lear- en lêsmaterialen.	<ul style="list-style-type: none"> • it hearre en sjen litten fan de Fryske taal en kultuer; • it oanbieden fan in breed en aktueel oanbod Fryske (foar)lêsböeken, jeugdliteratuer en autentike fakoerstijgende Frysktalige teksten; • it oanbieden fan kennis en feardichheden út it leargebiet Fryske taal & kultuer yn ûnderlinge gearhing; • it oanbieden fan taalstipemiddels om Frysk te begripen en doare te brûken; • it stimulearjen fan de lêsmotivaasje foar Frysktalige teksten, boeken en jongereinliteratuer.
B. De skoalle stimulearret de Fryske taalûntwikkeling fan alle learlingen.	<ul style="list-style-type: none"> • romte te bieden oan it gebrûk fan it Frysk en taalfariëteiten fan it Frysk yn ynformele en formele setting; • it oanbieden fan learaktiviteiten passend by it taalnivo en de belibbingswrâld fan de learlingen; • it oanbieden fan learaktiviteiten mei betsjutting dêr't de Fryske taal as skoalle- en faktaal aktyf yn brûkt wurdt; • it oanbieden fan learaktiviteiten dêr't learlingen kennis en feardichheden fakoerstijgend yn tapasse.

DOMEIN: TAAL LEARE EN BRÛKE		
Kearndoel 2		
De learling brûkt de Fryske taal.		
Doelsin	It giet dêrby om	
A.	De learling toant begryp fan Frysktalige teksten.	<ul style="list-style-type: none"> • it lêzen, besjen en beharkjen fan Frysktalige teksten; • it ferwurdzjen fan ûnderwerp en haadsaken; • it ynsetten en útwreidzjen fan de Fryske wurdskat; • it fleksibel tapassen fan ferskate oanpakken en strategyen dy't it begryp ferheegje; • it ynsetten fan kennis oer de foarm fan teksten: tekstsoarten, tekststruktueren, literêre sjenres, ferteltechniken.
B.	De learling ferwurket ynformaasje út Frysktalige teksten.	<ul style="list-style-type: none"> • it beoardieljen en selektearjen fan ferskillende soarten teksten; • ferbannen te lizzen tusken teksten en eigen ûnderfinings; • ferbannen te lizzen yn en tusken teksten; • it ferwurkjen fan nije kennis, ynsichten en mieningen yn strukturearre sprutsen en skreaune teksten.
C.	De learling praat en skriuwt Frysk.	<ul style="list-style-type: none"> • it formulearjen fan tinzen, ideeën, ynsichten en ûnderfinings yn sprutsen en skreaune teksten passend by it taalnivo en de leeftiidsfaze fan de learling; • it brûken fan Fryske staverings- en grammatikaregels; • it revisearjen fan in tekst mei it each op doelfêste kommunikaasje: taalgebrûk en taalfersoarging; • it ynsetten fan kennis oer de foarm fan teksten: tekstsoarten, tekststruktueren, ferteltechniken.

Doelsin		It giet dêrby om
D.	De learling nimt diel oan petearen yn it Frysk.	<ul style="list-style-type: none">• it adekwaat reagearjen op in Fryskpratende petearpartner;• fersteanber Frysk te praten;• yn it Frysk by te dragen oan in petear wêrby't kwaliteit en kwantiteit fan de bydrage passe by it taalnivo en de leeftiidsfaze fan de learling;• it fleksibel tapassen fan petearkonvinsjes passend by de petearfoarm.

DOMEIN: TAALBEWUSTWÊZEN	
Kearndoel 3	
De learling ûntwikkelet har of him as bewuste brûker fan it Frysk.	
Doelsin	It giet dêrby om
A.	<p>De learling ferkent skaaimerken fan de Fryske taal.</p> <ul style="list-style-type: none"> • it ferkennen fan de Fryske taal op foarm, klank en gebrûk; • it fergelykjen fan it Frysk mei it Nederlânsk en oare talen en taalfariëteiten yn Fryslân; • it beneamen fan en reflektearjen op taaleigen skaaimerken fan de Fryske taal; • it ferkennen fan ferskillen tusken sprutsen en skreaun Frysk. <p>Oanfolling hafû/twû:</p> <ul style="list-style-type: none"> • it beneamen fan feroarings yn de Fryske taal en it beneamen fan oarsaken en gefolgen fan dy feroarings.
B.	<p>De learling reflektearret op de posysje fan de Fryske taal.</p> <ul style="list-style-type: none"> • it evaluearjen fan it eigen talerepertoire en de posysje fan it Frysk dêryn; • it redenearjen wannear't en wêrom't sysels en oaren Frysk brûke; • ferbannen te lizzen tusken Frysk taalgebrûk en kennis fan meartaligens, identiteit en (sub)kultuer; • it reflektearjen op de maatskiplike posysje fan it Frysk yn de meartalige mienskip. <p>Oanfolling hafû/twû:</p> <ul style="list-style-type: none"> • it reflektearjen op it sosjaal-maatskiplike effekt fan it gebrûk fan it Frysk yn ferskillende (berops)konteksten; • it reflektearjen op de maatskiplike posysje fan it Frysk yn ferskillende perioades yn de skiednis.

Doelsin		It giet dêrby om
C.	De learling reflektearret op de eigen Fryske taalûntwikkeling.	<ul style="list-style-type: none">• it reflektearjen op it ferrin fan it proses en de karren dy't makke binne, ûnder en nei it proses;• it evaluatearjen fan de eigen Fryske taalprodukten oan de hân fan kwaliteitskritearia foar ynhâld en foarm;• it fergelykjen fan eigen Fryske taalprodukten mei taalprodukten fan oaren;• it formulearjen fan leardoelen foar de eigen Fryske taalûntwikkeling op grûn fan evaluaasje en refleksje;• it ferwurkjen fan feedback.

DOMEIN: TAALEKSPRESJE		
Kearndoel 4		
De learling docht ûnderfining op mei Fryske taalekspresje.		
Doelsin		It giet dêrby om
A.	De learling ferwurket tinzen en gefoelens oer Fryske kulturele en kreative taaluterings.	<ul style="list-style-type: none"> • it lêzen, besjen en beharkjen fan Fryske kulturele en kreative taaluterings; • it ferwurdzjen en ferbyldzjen fan persoanlike tinzen en gefoelens; • it fergelykjen fan eigen ynterpretaasjes fan Fryske kulturele en kreative taaluterings mei dy fan oaren.
B.	De learling brûkt de Fryske taal op in kreative wize.	<ul style="list-style-type: none"> • útdrukking te jaan oan ideeën, tinzen, gefoelens, ûnderfinings en fantasyen yn ferskillende soarten taalkreaasjes; • it eksperimintearjen mei Fryske klanken, wurden, sinnen, literêre sjenres, taalregels, taalkonvinsjes en fisuele foarmen; • it brûken fan foarmjouwingmiddels om de Fryske taalutering te fersterkjen; • ta te ljochtsjen hoe't eigen ideeën, tinzen, gefoelens, ûnderfinings of fantasyen ferwurke binne yn de taalkreaasje; • it wurdearjen fan taalkreaasjes fan oaren.

DOMEIN: KULTUERBEWUSTWÊZEN		
Kearndoel 5		
De learling ûntwikkelet har of him as bewuste dielnimmer oan de Fryske kultuer.		
Doelsin		It giet dêrby om
A.	De learling ferkent it materiële en ymmateriële erfgoed fan Fryslân.	<ul style="list-style-type: none"> • it beskriuwen fan wichtige histoaryske barrens en persoanen yn Fryslân en hoe't dy hjoed-de-dei trochwurkje; • it beskriuwen fan aspekten fan it Fryske lânskip en de Fryske kultuer; • it ferkennen fan Fryske tradysjes en gebrûken en wearden en opfettings dy't dêroan ferbûn binne. <p>Oanfolling hafû/twû:</p> <ul style="list-style-type: none"> • it útlizzen hokker bestand kultureel erfgoed oft sy wichtich fine om te bewarjen en wat nij kultureel erfgoed wêze kin.
B.	De learling ferkent de wearde fan Frysktalige jongereinliteratuer.	<ul style="list-style-type: none"> • it ferwurdzjen fan persoanlike lêsunderfining en -belibbing nei it lêzen of beharkjen fan Frysktalige jongereinliteratuer; • it reflektearjen op de wearde fan Frysktalige jongereinliteratuer foar de eigen persoansfoarming; • it ferwurdzjen fan ynsichten en kennis oer de Fryske kultuer dy't opdien binne nei it lêzen of beharkjen.

5. Begripelist


Begryp	Omskriuwing
Autentike tekst	In tekst dy't net bewust oanpast is om te brûken yn in ûnderwiiskontekst.
Betsjuttingsfolle boarnen of konteksten	In boarne of kontekst is betsjuttingsfol as de ynhâld maatskiplik relevant is, of fan persoanlike betsjutting is foar de learling, mei't dy past by de ynteresses en belangen fan dat stuit.
Boarne	In boarne is de oarsprong fan data of ynformaasje, ynklusyf de makker en de wize dêr't dy op oanbean wurdt.
Ferteltechniken	Techniken dy't in ferhaal opbouwe en kleurje. Dêrmei wurde barrens werjûn en de oandacht en blik fan de lêzer of harker rjochte. Bygelyks: perspektyf, ferteltempo en ferhaallinen.
Fiksje	Alle tekstfoarmen dêr't mei help fan ferteltechniken in werklikheid yn ferbylde wurdt troch de wei fan audiofisuele en/of talige media. Bygelyks foarmen fan literatuer, films, tv-searjes en ferheljende games.
Floeiend lêze	De feardichheid om akkuraat, sûnder heakjen en mei ekspresje te lêzen.
Kommunikaasje	De (online) mûnlinge, skriftlike en multymediale útwikseling fan boadskippen dy't bewust en/of ûnbewust, ferbaal en/of non-ferbaal oerbrocht, ûntfongen en ynterprearre wurde. Wannear't dizze útwikseling ôfstimd is op doel, publyk en kontekst, is der doelfêste kommunikaasje.
Kommunikatyf doel	Watst berikke wolst troch de wei fan kommunikaasje: ynformearje, amusearje, ynstruearje, oertsjûgje, beskôgje en/of aktivearje.
Kommunikative kontekst	It tidromtlik en sosjaal-kultureel fermidden dêr't spesifike kommunikaasje yn bart. De kontekst fan de kommunikaasje oefenet in grutte ynfloed út op de foarm dy't dyn kommunikaasje oannimt.
Kreativiteit	It fermogen om orizjinele ideeën en oplossingen te betinken en te realisearjen mei help fan taal, materialen en techniken.
Kultuerbewustwêzen	Ynsjoch hawwe yn de ferskillende wizen dêr't minsken mei útinoar rinnende eftergrûnen en komôf op libje, tinke en hannelje, en har uteringen yn perspektyf pleatse.

Begryp	Omskriuwing
Kultueruteringsen	Ferskillende wizen dêr't in mienskip of groep har wearden, noarmen, ideeën, tradysjes en kreativiteit op ta utering bringt. Bygelyks: keunst, muzyk, literatuer, arsjitektuer, rituëlen en gebrûken.
Kultureel ferskaat	De oanwêzigens fan ferskillende talen, tradysjes, noarmen, wearden, religys, oriïntaasjes en etnisiteiten en oare aspekten fan kultuer yn in mienskip.
Literêre middels	Talige middels dy't har ûnderskiede fan in saaklike manier fan útdrukken en bydrage oan de estetyske wearde fan in tekst. Literêre middels kleurje in tekst en rjochtsje de oandacht fan de lêzer of harker. Bygelyks: styl, register, stylfigueren, byldspraak en foarmjouwingsaspekten.
Literatuer	Wat ûnder literatuer ferstien wurdt, rint útinoar en is feroarlik. It giet om teksten dy't in werklikheid ferbyldzje mei taal as foarnaamste medium en mei ynset fan literêre middels. Literatuer omfettet in breed skala oan sjenres, fiktive likegoed as non-fiktive teksten, fan útinoar rinnende kompleksiteit. Der wurde fanâlds trije foarmen ûnderskaat: ferheljende, lyryske en dramatyske teksten. De betsjutting fan literêre teksten komt ta stân yn in wikselwurking tusken de tekst, de kontekst en de lêzer.
Meartalich repertoire	De talen, taalfariëteiten of wurden en útdrukkingen út de talen/taalfariëteiten dy't in persoan passyf of aktyf behearsket.
Meartaligens yn de mienskip	It neistelkoar bestean fan ferskillende talen en taalfariëteiten yn in beskate kontekst of in beskaat gebiet.
Meartalige kompetinsje	It funksjoneel en fleksibel ynsette kinnen fan in meartalich repertoire om te kommunisearjen of om in nije taal te learen.
Multymediaal	It brûken fan ferskillende media. Bygelyks kranten, tydskriften, boeken, posters, fotografy, telefyzje, films, fideo's, games, ynternet en sosjale media.
Non-fiksje	Alle tekstfoarmen dy't op de werklikheid berêstende feiten oanbiede, analysearje of ynterpretearje. Bygelyks: hantliedingen, wurdboeken, dokumintêres, essees, skoalboekteksten of (auto)biografyen.
Oanpak	Hâlding of oanpak om in doel te berikken. Bygelyks: skennend lêze om ynformaasje te sykjen, in skriuwplan om ta in strukturearre tekst te kommen, in stappeplan meitsje as tarieding op in gearhingjende tekst.

Begrip	Omschrijving
Perspektiven	Sjenswize (fan de auteur), ferskillende ynfalshoeken (yn de Tekst), fertelperspektyf.
Petearkonvinsjes	Wat yn petearen yn in beskate kontekst troch de taalmienskip gebrûklik en passend fûn wurdt, bygelyks om op paste wize it wurdt te nimmen .
Produktive taalfeardigens	It giet hjir om de feardichheden prate, skriuwe en petearen fiere.
Reseptive taalfeardigens	It giet hjir om de feardichheden sjen, harkje en lêze.
Revisearje	De skriuwer reflektearret op de tekst en besjocht as dat nedich is de tekst, of parten dêrfan, op 'e nij. De revyzjes kinne bygelyks ferbân hâlde mei: struktuer, ynhâld, formulearring, stavering en ynterpunksje.
Rike tekst	Autentike, oansprekkende tekst mei alsidich en fariearre taalgebrûk, ôfkomstich fan in fakkundich skriuwer, dy't de learling útnûget ta neitinken, belibjen en betsjutting jaan. De ynhâld is ferhelderjend, orizjineel en/of mei lagen, en makket it lizzen fan betsjuttingsfolle ferbannen yn en tusken teksten mooglik. De tekst helpt de learling by it learen oer en begripen fan himsels en de wrâld, en draacht by oan de útwreiding fan syn talige repertoire.
Sjenre	In samling teksten fan in fergelykbere soarte en mei itselde doel, dy't karakterisearre wurdt troch in oerienkomstige struktuer, styl, taalgebrûk en lay-out. Sjenres helpe by it oarderjen en werkennen fan ferskillende tekstsoarten. Der binne literêre en saaklike sjenres. Literêre sjenres kenne in ûnderskied yn proaza, poëzy en toaniel en alle foarmen dêrtusken. It giet om tekstsoarten lykas bernerymkes, ferskes, gedichten, koarte ferhalen, romans, graphic novels, fabels, ferheljende podcasts of spoken word. Saaklike sjenres kenne globaal in neier ûnderskied yn feitlike en wurdearjende tekstsoarten. Foarbylden fan feitlike tekstsoarten binne in nijsberjocht, beskriuwing, ynstruksje, resept, skoalboeketekst, ferklearring, ynfographic, oprop, fersyk. Foarbylden fan wurdearjende tekstsoarten binne in beskôging, betooch, respons, kolum, resinsje, reklame, ynstjoerde brief.

Begrip	Omschrijving
Sjenreskaaimerken	De eigenskippen dy't tekenjend binne foar in tekst yn in beskaat sjenre: kommunikatyf doel, struktuer, styl, taalgebrûk en lay-out. Se beynfloedzje hoe't in tekst opboud en ynterpretearre wurdt. Sjenreskaaimerken helpe by it werkennen, begripen en klassifisearjen fan teksten yn literêre likegoed as saaklike sjenres.
Strategyen dy't it begryp ferheegje	Strategyen yn de arkkiste fan lêzers dy't lêzers fleksibel en effektyf ynsette as se fêstrinne by it begripen fan teksten, of as se har begryp ferdjipje wolle. Mei as doel it ynterpretearjen, ûnthâlden en kritysk reflektearjen op de ynhâld fan teksten. De strategyen kinne fariearje fan bygelyks it simpelwei werlêzen fan in sin ta it fergelykjen fan ynformaasje út ferskillende teksten.
Taalbewustwêzen	Eksplisite kennis oer taal, wach wêze op de wurking fan taal en ynsjoch yn hoe't talen leard en brûkt wurde.
Taalfariaasje	It bestean fan ferskillen yn in taal of yn it taalgebrûk fan in yndividu.
Taalfariëteit	In fariant op in erkende taal dy't troch in groep minsken sprutsen of skreaun wurdt. Bygelyks: dialekten, strjittaal en jongereintaal. Alle taalfariëteiten hawwe in oantal opfallende eigen skaaimerken, lykas eigen útspraak, eigen wurden en grammatikaregels.
Taalfeardigens	It fermogen om skreaune taal te begripen, te evaluearjen en doelfêst te brûken, yn it persoanlike libben en yn maatskiplike kontekst.
Taalkonvinsjes	Wat yn in beskate kontekst troch de taalmienskip gebrûklik en passend fûn wurdt yn it taalgebrûk.
Taallearbewustwêzen	Op grûn fan metakognitive en taaldidaktyske kennis by steat wêze om te reflektearjen op taallearproessen en op it eigen taallearproses; troch dizze refleksjes it taallearproses bystjoere kinne en stjoere op de eigen talige, kognitive en sosjale ûntwikkeling.
Taallearstrategy	Wize dêr't in persoan it learen fan in taal op oanpakt.
Taallearn	It jin eigen meitsjen fan ien of meardere talen yn in stjoerde, skoalske kontekst.
Taalstatus	De posysje dy't in taal ynnimt yn in beskate mienskip en de wurdearring dy't oan dy taal takend wurdt troch in (ynter)nasjonale oerheid of mienskip.
Taalûntwikkeling	It proses dat trochrûn wurdt by it learen fan ien of mear talen.

Begrip	Omschrijving
Taalwinnen	It jin eigen meitsjen fan ien of mear talen yn in net-stjoerde, natuerlike kontekst.
Talich repertoire	De talen, taalfariëteiten of wurden en útdrukkingen út de talen/taalfariëteiten dy't in persoan passyf of aktyf behearsket.
Talige identiteit	Taalgebrûk dat in minske of groep minsken definiearret en ûnderskiedt fan oaren.
Tekst	Alle foarmen fan mûnlinge, skriftlike, digitale en multymediale kommunikaasje, dêr't ideeën, ûnderfiningen, tinnen, gefoelens, mieningen en ynformaasje troch de wei fan taal mei werjûn wurde.
Tekstbegryp	Yn hoefier't de lêzer betsjutting ferlient oan in tekst troch teksten te begripen, ynterpretearjen, yntegrearjen, evaluatearjen en derop te reflektearjen.
Tekststruktuer	Oardering fan ynhâlden, de relaasjes tusken dy ynhâlden en de wize dêr't dy relaasjes op markearre wurde, bygelyks mei sinjaalwurden en ferwiiswurden. Yn ynformative teksten komme fiif struktueren in soad foar: beskriuwing, groanology, oarsaak-gefolch, probleemoplossing en fergeliking.
Ynteraksje	Utwikseling fan kennis, ideeën, gefoelens en ynformaasje tusken twa of mear persoanen, wêrby't sprake is fan in oanhâldende ôfwikseling tusken hark- en praat- en petearaktiviteiten, en/of lês- en skriuwaktiviteiten.
(Wrâld)boargerskip	It bewust wurden fan ferbiningen en it aktyf ûnderdiel útmeitsjen fan de eigen omkriten, de hiele mienskip en de wrâld, mei respekt foar de prinsipes fan lykweardigens, wjersidige ôfhinklikens en dieldereferantwurdlikheden.



TAALPLAN
FRYSK
2030